| | |
|---|---|
| **1.**<br>Wy skriuwe Februaris 1902.<br>It is in barre winter.<br><br>Snie rûnom it lytse doarp. De hoanne wie hast wei wurden ûnder de snie. Iis rûnom, mar mei lagen snie der op. Skiep en hynders waarden byfuorre. Hja heukeren mar wat om en ieten allegearre durich út ’e rûf, wêr’t trije kear deis in protte hea yn brocht waard. De hynders stiene mar wat yn ’e snie te sjen!<br>Doe ynienen, fan kleare barre wille miskien, geane se rjocht op en del foar elkoar oer stean. Mei de foarpoaten omheech. Fan kleare barre wille stiene se der te greinzgjen. De skiep moasten hast al yn ’e skiepestal… Se moasten foar it lamjen yn ’e hûs wêze.<br>Bene Dui seach er sa nei bûten. It like al wat maitiidsachtich, alhoe’t de snie der noch lei, krige de sinne al wer hiel wat macht en lingden de dagen al wer wat. Kimme’s jierdei, 18 jannewaris, wie al west.<br><br>Mem Dui hie al foar de trije jonges elts in nij pakje knipt. Hja spelde der briefkes op mei de nammen derop. Koe hja der sa mei oan ’e gong gean, as hja it mei de poppe syn boarstjen rêgele hie. De poppe naam gâns tiid. Mar Oeke en Kimme holpen har trou.<br>“No, lei alles te plak! Underst yn ’e kast.” En no koe hja poppe pakke.<br>Wylst hja him ferdroege en op ’e skurte hie, joech hja har yn ’e stoel del. Fjirtich jier, mei in jier der by, tocht hja.<br>“Wol jong, noch,” tocht hja. Mar wurch dat ek kin…<br>Hja prate tsjin de poppe. Dy seach har oan, wylst er nei har tosken seach. En hja tocht: “Soe er dêrmei sjen?” En begriep er wat fan har gepraat tsjin him? Hy dronk mar flink. Dêr wie hja mar bliid om. Al har bern wiene mar saune iters, fan poppe ôf. Dêr wie hja bliid om en tankber boppe alles.<br>Hja seach sok as in foarrjocht.<br>Hja tocht ynienen, wylst hja al lang wer tsjin poppe praette: “Laket er?” ’t Boarstjen wie dien. Alles wer moai te rjochte dwaan, pop yn skjinne ruft, in droege ûnderlizzer yn ’e wrein, en tefreden joech er him del.<br>No, nei ’t fjouwer oere brogje, noch efkes wat dwaan yn ’e hûs en dan nei de kjale boarne. De manlju skrepten al mei de kij. It wie krek as wie hja wurk.<br>Mar hawar, ’t soe wol wer wat bekomme | <br>*Uitleg:*<br><br>*Dit fragment beschrijft het dagelijks leven op het Friese platteland in de strenge winter van februari 1902. Terwijl buiten sneeuw, ijs en het verzorgen van vee centraal staan, volgen we binnen een moeder van 41 die haar jonge kinderen en baby verzorgt, met dankbaarheid en rust. Het laat een beeld zien van hard werken, eenvoud en tevredenheid te midden van winterse omstandigheden.* |
| | |

I Wy skriuwe Febrewaris njoggentjin hûnderd twa



t Is barre, barre winter

Snie wanom t lytse doarp. De Hoarne wie hast wei wirden ûnder de snie. Ys rounom, mar mei lagen snie, d'r op. Skiep en hynders wirden byfoare. Hja heukeren mar hwet om en ieten âllege duriger út e rûf, wer t tiije kear deis, in protte hea yn brocht waerd. De hynders stiene mar hwet yn e snie to sjen!

Doe ynienen, fen kleare barre wille miskien, jime hja ynocht op en dêl foar elkoar oer stean. Mei de foarpoaten omheech. Fen kleare barre wille, stiene hja dêr to greensgjen. De skiep moasten hast es yn e skypestâl... Hja, moasten, foar 't lamjen, yn e hûs wêze.

Bene Dûi, seach er 's mei bûten. t Lyke al hwet maitiids effich, alhoe de snie d'r nog lei, krige de sinne, al wer hiel hwet macht en lingen de dagen al wer hwet! Kimme's jierdei 18 Jannewaris wie al west.

Mem Dui, hie al foar de trije jonges elts, 'n nij pakje knipt. Hja, spjelde, d'r briefkes op mei de nammen d'r op. Koe hja d'r sa mei, oan e gong gean, as hja, 't mei de poppe syn boarstjaen regele hie. De poppe naem gâns tiid. Mar Ueke en Kimme holpen har trou! No, lei alles to plak! Ûnderst yn e kâst en no koe hja poppe pakke. Wylst hja him fordroege en op e skutte hie, joech hja har yn e stoel dêl. Fjirtich jier, mei ien jier d'r bei, tocht hja.

„Wol jong, nog," tocht hja. Mar, wurch dêt ek bin... Hja prate tsjin de pop. Die, seach har oan, wylst er nei har tosken seach

En hja tochte: „scoe er dêr nei sjen?" En, begriep er hwet fen har geprket tsjin, him? Hy dronk mar flink. Dêr wie hja mar blied om. Al harn bern, wierne mar soune iters, fen poppe oâ.

Dêr, wie hja blied om en tankber boppedien. Hja seach soks, as 'n Foarjiucht... Hja tocht ynienen wylst hja al lang wer tsjin poppe praete: „lakket er?" 't Boarstjaen wie dien. Alles wer mooi to-rjochte dwaen, pop in skjin huft, 'n droege ûnderlizzer yn e wein en tofreden joech er 'n smile.

No, mei 't ffouwer. ure frogje nog efkes hwet dwaen yn e hûs en den kjealt boarne. De manlue skrepten al mei de kij 't Wei, krekt as, wier hja wurch.

Mar halwar, 't scoe wol wer hwet bekomme.

